

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Hoogland, deputearre
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn de simmer fan 2019 stelde de FNP fragen oer de hanthavening fan de provinsjale feroarderingen op de bestriding fan Jabikskrúswaartel en Stikels.</p> <p>It antwurd fan DS wie dat der troch FUMO hanthavene wurdt op basis fan 'sporadyske' fragen en/of klachten, en dat net eksakt oanjûn wurde kin hoefolle dat der binne. Boppedat jout DS oan dat it neigiet oft de stikelferoardering noch wol bestean bliuwe moat. Ut it VTH-jierprogramma 2019 docht bliken dat de omfang fan it tafersjoch op de provinsjale miljeuferoardering, de waadrinferoardering, de stikel- en de Jabikskrúswaartel-feroardering mei-inoar op 10 kontrôles rûst wie.</p> <p>It kolleezje jout by it mean-rezjym foar provinsjale bermen en perselen oan, dat it ôfstimd wurdt op de oanwêzigens fan stikels en Jabikskrúswaartel. Op guon diken wurdt lykwols mar ien kear yn it jier meand, wêrby rekken hâlden wurdt mei it bioferskaat.</p> <p>De FNP sjocht graach in mear pro-aktive hâlding fan de provinsje by de bestriding fan stikels en Jabikskrúswaartel, omdat dy ta skea liede kinne en gefaarlik wêze kinne foar melkfee en hynders. Benammen no't de fersprieding fan de planten út provinsjale bermen en perselen wei yn de ôfrûne simmers eskalearre is, fynt de FNP dat de provinsje it goede foarbyld jaan moat en tefoaren komme moat dat de provinsje oanspraaklik wurdt foar sûnensskea fan melkfee en hynders.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> • Antwurdbrief DS op skriftlike fragen FNP, 5 novimber 2019; • Stikelferoardering 1951 ('<i>Distelverordening</i>'); • Jabikskrúswaartelferoardering provinsje Fryslân 2007 ('<i>Jakobskruiskruidverordening</i>') • VTH jaarwerkprogramma 2019, 9 april 2019 • Untwerp foar in nije Stikelferoardering (<i>taheakke</i>)
	<ol style="list-style-type: none"> 1. De FUMO respektivelik de provinsje hanthavenet allinne op basis fan fragen of klachten en libbet de eigen feroarderingen mar beheind nei. Kin it kolleezje oanjaan hoe't it de mooglike oanspraaklikheid foar skea troch de stikels en Jabikskrúswaartel ynskat? 2. De provinsje Fryslân besteget it meanen fan bermen en sleatten jierliks út oan merkpartijen. Wurdt der by de oanbesteging fêstlein dat de oannimmer rekken hâlde moat mei it fuortheljen fan stikels en Jabikskrúswaartel? As dat net sa is, wêrom dan net?

	<p>3. De besteande Stikelferoardering datearret út 1951 en is op ûnderdielen ferâldere. Nei analogy fan de Jabikskrúswortelferoardering hat de FNP in ûntwerp taheakke foar in aktualisearre ferzje. Mei de tiid kin de ynhâld fan de beide autonome feroarderingen yn de nije Omjouwingsferoardering opnaam wurde Is it kolleezje ree en bring de Stikelferoardering by de tiid?</p>

Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>Ut namme fan de FNP Steatefraksje,</p> <p>Wopke Veenstra</p>
---------------	--

Datum	3 desimber 2019
-------	-----------------

UNTWERP-FEROARDERING OP DE BESTRIDING FAN STIKELS YN DE PROVINSJE FRYSLAN
(Stikelferoardering provinsje Fryslân 2020)

Artikel 1

1. Rjochthawwenden fan grûnen hawwe de plicht om stikels fan de soarten finnestikel (cirsium arvense, akkerdistel), spierstikel (cirsium lanceolatum, speerdistel) en blaustikel (cirsium palustre, kale jonker) fuort te heljen of helje te litten, as it gefaar bestiet dat de planten oerlêst foar de oanbuorjende grûnen feroarsaakje kinne.
2. Under rjochthawwenden wurdt yn dizze feroardering ferstien:

De brûker, of, by ûntbrekken dêrfan, de eigener, sa bedoeld, dat wannear't de grûnen yn fruchtgebrûk, erfpacht of opstal útjûn binne, de saaklik rjochthawwende foar de eigener yn de plak komt.

Artikel 2

Oertrêding fan artikel 1, earste lid, wurdt straft mei in jildboete fan de earste kategory

Artikel 3

Mei de opspoaring fan de feiten, strafber steld by artikel 1, earste lid, binne, njonken de by of út krêft fan artikel 141 fan it Wetboek fan Straffoardering oanwiisde amtners, belêste de dêrfoar troch deputearre steaten oanwiisde amtners en funksjonarissen.

Artikel

1. De feroardering giet yn op
2. De feroardering kin oanhelle wurde as "Stikelferoardering provinsje Fryslân 2020"

Dizze Stikelferoardering ferfangt de eardere "Distelverordening 1951"